



130422.ferl.jiergk.FFU.13

## Ferslach jiergearkomste FFU, moandei 22 april 2013

*Plak:* Bleekhof 55, Ljouwert (by Klaske Straatsma-Westerhof)

*Tiid:* 19:30 oere

*Oanwêzich:* Tom Dykstra (foars.), Sytze T. Hiemstra (skr.), Ed Knotter (pongh.), Geart Tigchelaar, Klaske Straatsma-Westerhof, Rinze Valk, Hindrik van der Meer, Beitske van der Meer en Cor Jousma (spesjale gast/sprekker)

*Berjocht fan behindering:* Kees van der Beek, Geart Benedictus, Chris van Hes, Wolter Jetten, Bertus Postma, Pier Bergsma, Jaap Rinzema, Jannes van der Velde, Koop Scholten

### 1. Iepenjen

Foarsitter Tom Dykstra iepenet de gearkomste en hjit elk wolkom. In bysûnder wolkom oan de 'gastsprekker' Cor Jousma dy't oan it wurd sil tusken punt 6 en 7. Dêrby oanslutend is it de fraach oft Tom sels oer punt 7 wat sizze sil, mar dat sil fan de tiid ôfhingje. Oars gjin punten foar de wurklist, útsein dat by punt 8 in ferrassing op it program stiet.

### 2. Ferslach jiergearkomste 23 maaie 2012

Klaske Straatsma-Westerhof wol witte wat der dien is mei de Hollânsktalige plaat fan fûgelnammen sa't dy skonken is oan skoallen troch de fûgelwacht fan Makkum (side 1). Germ Gerbrandy hat der doe efteroan west. De reaksje wie dat se der domwei net oan tocht hienen en dat se it al yn it Frysk dwaan sille as de plaat in ferfolch hawwe sil.

Fierders meldt Tom nei oanlieding fan side 2 dat er ynformaasje ynwinne soe by Nicolai fan Stenden oer it fak Frysk op de hegeskoallen. Lykwols sil de ynformaasjestream no fia Geart Tigchelaar rinne, mei't er dêr no as dosint Frysk wurket.

Op side 3 stiet dat it 25-jierrich jubileum fan de FFU fierd wurde soe op in symposium fan *Mercator*, bgl. mei in koarte taspraak fan ús foarsitter en it útrikken fan in eare-oarkonde. De organisators fan *Mercator* hawwe lykwols spitigernôch fergetten om dat yn te passen yn harren eigen program. Sadwaande is der op it kongres *Fierder mei Frysk (9)* (fan de *seksje Frysk* fan 'Levende Talen') op 8 novimber 2012 omtinken oan jûn. Dêr hawwe wy ek de earste eare-oarkonde útrikt oan Hâns de Haan. Wy wiene wiis mei de takende romte en tiid.

Mei de ferklearjende punten is it ferslach goedkard.

### 3. It Jierferslach

De foarsitter merkt mei rjocht op dat Sytze T. Hiemstra der altyd in soad wurk fan makket, mei't 'se witte sille wat wy sa al by de ein hawwe'. Beitske van der Meer heakket dêr graach op yn om te priizgjen dat wy sa'n soad dogge en dat soks ek de reden wie dat hja mei har man nei de jiergearkomste tein binne. Dat jout de boarger moed.

Nei oanlieding fan de lytse biografysjes sa't dy op side 2 steane, merkt Klaske Straatsma-Westerhof op dat der nea ris wat oer it Frysk yn it tydskrift fan *Levende Talen* (*Levende Talen Magazine: LTM*) stiet. Dat feit is Sytze ek raar yn 'e wei en hy soe der graach ferbettering yn sjen. Klaske is lid fan de VLLT (*Vereniging van Leraren in Levende Talen*) en wol dan ek geregeld wat oer it Frysk yn it ûnderwiis lêze. It is foar har de foarnaamste reden om lid te wêzen en te bliuwen fan de seksje Frysk fan de VLLT. Kin Geart Tigchelaar net opnommen wurde yn it bestjoer fan de seksje Frysk en letter eventueel yn de redaksje

fan it blêd, sa freget Sytze him ôf? Hy hat dat al ris útsteld yn seksjearkomsten. De meartaligens soe ek better syn gerak krije moatte yn LTM. No is it Nederlânsk de fiertaal fan it blêd (statutêr fêstlein) en dat soe wol wat rommer ynterprearre wurde meie.

Oanslutend fertelt Hindrik van der Meer oer ‘Taalverdediging’ ([www.taalverdediging.nl](http://www.taalverdediging.nl)). In Nederlânske stifting dy’t har ferset tsjin de ynfloed fan it Ingelsk yn it Nederlânsk. Dy stifting hat Hindrik en Beitske van der Meer frege foar in artikel yn harren blêd, mei’t se trochkrije wat wy al ieuwen hawwe mei ús krewearjen tsjin Hollânske ynfloed. De foarsitter stelt út dat de oare kears wy in tydskrift krije om te sjen wat foar soarte artikels deryn steane om oardielje te kinnen hokfoar soarte fan artikel wy skriuwe kinne soenen.

Tom pikt der efkes ien punt út fan alle punten dy’t op side 3 o/m 5 neamd wurde. Dat is it punt oer de Ombudsman (side 4) en it feit dat it earst hiel wat like, mar dat wy as beskied krigen dat it stik net konkreet genôch wie. Dat wie koartsein in ôfdijer.

#### **4. Finansjeel oersjoch 2012**

Ponghâlder Ed Knotter kin yn tsjinstelling ta ferline jier opmerke dat wy justjes foarút buorke binne. Om dy reden hawwe wy earmslach om oan promoasje, lykas de rûnstruiers, te dwaan. Fierders hat de kaskommisje (Wopke Speerstra en Hennie Knotter-Venendal) de boekhâlding goedkard.

De betelling oan de Ried wurdt yn 2013 betelle, dêrfandinne dat dy net op dit oersjoch stiet. It komt faker foar dat betellings dy’t yn desimber dien wurde, te let yn de finansjele administraasje (yn it folgjende boekjier) sichtber binne. By alve leden stiet 2011 tusken heakjes. Dat hâldt yn dat se yn dat jier net betelle hawwe, mar no wol yn 2012. En efter ‘Betelrekken’ stiet 2011, mar dat moat 2012 wêze.

Wy tankje (mei applaus) de ponghâlder foar syn ynset.

#### **5. Bestjoerswiksel/materiaal foar it winnen fan nije leden**

It winnen fan nije leden dogge wy no mei in rûnstruier dêr’t wy okkerdeis 100 fan printsje litten hawwe. Dêrby kin net it praatsje ûntbrekke en de bykommende fraach oft de minsken faaks ek lid wurde wolle fan ús feriening. Dat is de meast effektive stratezjy .

Wy hawwe dit jier in frijwat yngripende bestjoerswiksel. Sa hat Thys van der Veen jierren yn ús bestjoer sitten, mar hat yn jannewaris fan dit jier ôfskied nommen. Hy is nammentlik mei de frou ferhuze nei Frankryk. It sprekt foar himsels dat wy sa’n skoander ûnderwiisman yn ús fermidden misse sille. Wy winskje him fansels it alderbêste ta yn Frankryk.

Germ Gerbrandy is lykas bekend boargemaster fan Achtkarspelen wurden en hat it mei it bestjoerswurk yn it FFU op in sêft sin set. Sadree’t er ynwurke is en sa yn rêstiger farwetter kommen is, soe er wer ynstappe kinne en wolle. Mar foar’t it safier is, misse wy syn kontakten yn de politike sfear o sa.

Dat betsjut dat wy foar earst mei ús fjouweren binne en wy drok om ús hinne sjogge om nije (jonge) minsken oan ús te binen. Sa wurde de nammen fan mooglike kandidaten troch ús leden neamd: Binne Reitsma (edukaasjemewurker by Tresoar), Siebe Haven (Tresoar), André Looijenga (ôfstudearre yn de klassike talen en o sa Fryskinnich), Popke van der Zee (dosintbegelieder Bogerman). Ek wurdt Eelke Goodyk oppere, mar dy hat sit yn it bestjoer hân mar is opholden fanwegen syn funksje by *Taalsintrum Frysk* om mooglik belangferfrissing foar te kommen.

Sa hat ek Sytze T. Hiemstra guon op ’e kuer. De earste is Chris van Hes, mar dy moat earst de Pabû noch dien meitsje, dus hat drokte genôch. De oar is Saapke Voolstra, foarsitter FNP-Jongerein, dy’t krekt wurksom is yn it basisûnderwiis en dy’t hooplik ek wol wat dwaan wol. Hiemstra neamt ek noch it belang fan minsken dy’t juridysk ûnderlein binne om sa oan de hân fan kêst 8 út it *Hânfêst* saken eventueel fia de rjochter foarinoar krije te kinnen.

#### **6. Nijs oer de trijetalige pabû (Geart Tigchelaar)**

Geart Tigchelaar hat yn it koart sketst hoe’t it lân der hinne leit op Stenden Hegeskoalle oangeande de op te setten trijetalige pabû. Sa rint der al in jiermannich de saneamde trijetalige stream, in soarte fan proefprojekt (‘ pilot’) dat foarôfgien is oan de trijetalige pabû. Mei’t dat posityf liket en Stenden keazen hat foar meartaligens as profilearring, soe dêrmei begûn wurde. Eltse pabû dy’t ûnder Stenden falt, moat nammentlik in saneamde profilearring kieze en Ljouwert hat dêrfoar de meartaligens foar kar nommen.

Lykwols is it sa dat yntern de noazen net deselde kant op stienen, wat laat hat ta it opstappen fan de projektlieder Jimke Nicolai. Dat hat der wer ta laat dat de hiele wurkgroep foarearst ûntheft is fan syn taak en dat de profyltiimlieder en in oar fan hegerhân besjen sille hoe't it oanpakt wurde moat. De hiele profilearring moat mear droegen wurde troch it hiele tiim. Dêr sil yn maaie oer rapportearre wurde. It úteinsetten keallet dus swier en oer it fierdere ferrin falt op dit stuit net in soad te sizzen. Wannear't der mear nijs is, wurdt elts op 'e hichte steld.

## **7. Cor Jousma oan it wurd oer de plaknammekwestje yn Wymbritseradiel**

Cor Jousma hellest alderearst it Hânfêst oan om't dat it útgongspunt is en dêr beroppe de *Topografyske Wurkgroep Fryslân* (TWF) en de *Jongfryske Mienskip* harren op. De hiele kwestje is begûn mei it net útfieren fan it troch de gemeente Wymbritseradiel oannommen plaknammebeslút (it offisjeel ferfryskjen fan de plaknammen), mar wurdt no folle grutter fanwegen de fúzje fan de gemeenten yn Súdwest-Fryslân.

De *Jongfryske Mienskip* (rjochtspersoan) hat de TWF (gjin rjochtspersoan) frege om harren te helpen by it foarlizzen fan plaknammekwestje oan de rjochter. Op 24 jannewaris 2013 is de oanklacht yntsjinne by de bestjoersrjochter. De termyn fan 6 wike foar in útspraak is dus op it stuit al ferrûn. Hja hawwe fierders net wer wat heard, ek net in datum wannear't der in útspraak folgje sil.

Troch de fúzje fan gemeenten moatte oare gemeenten harren foegje nei de gemeente dy't it fierst mei it Frysk is. Dat hat wer alles te krijen mei it gelikensbegjinsel. Fierders is it sa dat it by it Hânfêst giet om de minderheid. Wannear't der mar trije minsken binne dy't bygelyks Himpens yn it Frysk hawwe wolle, dan steane hja yn harren rjocht. Men kin merke dat de gemeente Ljouwert soks trochkriget en dat hat wer in previntive wurking. It giet om de fûnemintele rjochten fan minsken. It is no foar it earst dat soks safier befochten wurdt foar in rjochter. Mar net ien hat dêr oant no ta in negatyf lûd oer hearre litten, sa beslút Cor Jousma syn wiidweidich ferhaal. Wy binne op in punt kommen dat it Frysk folwoeksen wurdt.

En dêr leit Sytze T. Hiemstra mutatis mutandis in relaasje mei it Frysk yn it ûnderwiis. Dat wie ek (mei) de reden om Jousma ús wat fertelle te litten. Oan de hân fan kêst 8 fan it Hânfêst soenen wy de stap sette kinne nei de rjochter om ús rjochten jilde te litten, mei't it Ryk har plichten net foldwaande neikomt. Dy wei dêrhinne moat fierder ûndersocht wurde, mar foarearst wachtsje wy ôf hoe't de plaknammekwestje ferrinne sil.

## **8. Yntegrale metoaden foar better ûnderwiis (Tom Dykstra)**

Tom Dykstra hie oan it wurd wollen oer de horizontale en fertikale yntegraliteit fan de metoaden yn it ûnderwiis yn it Frysk, Nederlânsk en Ingelsk. Mar omwille fan 'e tiid wol er dêr op de earstkommende bestjoersgearnomste op weromkomme.

## **9. Ferrassing (eare-oarkonde útrikt oan Klaske Straatsma-Westerhof)**

Doe't wy yn 2012 **25 jier** bestienen, hawwe wy Hâns de Haan yn it sintsje set. Mei't wy fan no ôf oan dat alle jierren dwaan wolle, hawwe wy der foar keazen om Klaske Straatsma-Westerhof diskear te earjen mei in oarkonde. Dat yn it foarste plak foar har wurk yn it (twatalich) ûnderwiis en as lesjouster by de Afûk en yn ferskate ferienings en ynstânsjes. Frou Straatsma-Westerhof is fan bysûndere en persoanlike betsjutting foar ús as FFU mei't wy ús gearkomsten hawwe yn har hûs en wy dêr altyd tige let en set wurde. Wy hoopje dêr noch lang gebrûk fan meitsje te kinnen yn alle sûnens.

## **10. Omfregjen**

Rinze Valk wiist op it ôfskiedssymposium foar Jaap van der Bij op 31 maaie. Der stiet al in moai program op poaten. As wy komme wolle, graach opjaan.

Beitske en Hindrik van der Meer fûnen it moai om derby te wêzen, benammen by it heuchlike feit dat Klaske de oarkonde krigen hat. Fierders heakket de hear Van der Meer dêr oan ta dat, wylst der net altyd reden is om like fleurich te wêzen, der dochs goede dingen yn gong set wurde en binne. Dêr tsjûget it ferhaal fan Cor Jousma fan.

Sytze T. Hiemstra slút him dêr folslein by oan en fynt it ek moai dat der in tal leden by wienen op de jiergearnomste.

Cor Jousma wol graach yn in ûnderwiisfermidden falle litte dat der eins ek mear oan it Dútsk dien wurde moatte soe. It is goed om dy taal machtich te wêzen, ek mei it each op de behearsking it Frysk.

Klaske Straatsma-Westerhof is sa ferstuivere dat se neat mear yn te bringen hat, wat op himsels in goed teken is. Se is dúdlik wiis mei de oarkonde en ús blyk fan wurdearring.

Ed Knotter bringt de datum foar de folgjende bestjoersgearkomste yn 't sin en dat is 29 maaie.

Om krekt foar healwei alven slút de foarsitter de gearkomste en tanket elts foar syn/har komst en bydrage.

*Geart Tigchelaar/Sytze T. Hiemstra e.o.,  
april 2013*

